

Oprjochting fan “de Sékrite”, Fryske Krite fan Lelystêd en omjouwing op 25 novimber 1971

It idee om in Fryske Krite yn'e nije polder op te rjochtsjen, ûntstie yn oktober 1971. De earste ynwenners fan Lelystêd wiene hiel tafallich Friezen, de fam. Sytsma. Doe't efkes letter de fam. Schiere yn Lelystêd kaam te wenjen (dy't al lid wiene fan de fryske krite yn Kampen), waarden hja it al gauwêftich iens, dat der yn Lelystêd ek in krite komme moast. Mei noch in pear oare friezen binne hja doe begûn om by de doarren lâns te gean, om mear minsken der waarm foar te krijen. Inkele fan dizze minsken wurken op it gemeentehûs en wiene sadwaande yn'e gelegenheid, om de listen mei nije ynwenners troch te sjen. As dêr dan in namme by wie, wêr't hja út opmeitsje koene dat it in Fries wie, dan gyngen hja dêr op ôf. Jûnen en jûnen binne hja sa op paad wêst.

Om't Lelystêd in nije stêd wie, kaam it gau'ris foar, dat hja mei trije minsken foar de selde doar stiene. Ien foar de Fryske krite, ien foar de bank (meastal mei in blomke, dy hiene it measte jild) en ien fan de begraffenisferiening. Alles moast hjir doe noch fan'e grûn komme. Ek de agint fan de Ljouwerter krante en it Frysk Deiblêd en de man fan de SRV-wein hawwe hiel wat nije leden oanbrocht. Op 25 novimber wie dan de oprjochtingsgearkomste yn “de Meerkoet”, it earste restaurant yn Lelystêd. Der wiene doe 34 minsken en de 1^{ste} foarsitter waard Hindrik Schiere. It duorre mar efkes, doe wiene der al 112 leden, werfan 12 wol toanielspylje woene en 22 woe-ne wol meidwaan oan in skotsploech. De earste toanieljûn wie op freed 28 jannewaris 1972 yn'e Meerkoet. De toanielploech út Aldeboarn wie dêr mei it stik “De bekroande earsteling”. De krite hie doe 190 leden, werfan 140 op dy jûn oanwêzich wiene. De muzyk waard fersoarge troch in soan fan Sytsma, mei in bânrykorder. Ek doe wie der al in ferlotting (5 lotten foar Hfl. 1,=). Yn dy tiid wie der ek faak in ferslachjouwer fan de krante, mei in fotograaf.

Op 23 febrewaris 1973 spile ús eigen toanielploech foar it earst, it stik “Taaie Teie”. Op 12 maart 1974 koe it 300^{ste} lid ynskreaun wurde. De leden kamen eartiids net allinne út de Flevopolder, mar ek út Urk en Elburg. It grutste oantal leden fan ús krite hat 370 west (29 novimber 1975). Wat in ferskil by no, noch mar 80 leden. Op kritejûnen waarden dan de tafels út de seal wei helle, oars koene de minsken der net yn. It sjongkoar waard oprjochte op 8 febrewaris 1976 en de skotsploech op 25 febrewaris.

Spitigernôch is de skotsploech al wer opdûkt en ek ús toanielploech hie in tekoart oan spylers. Yn 1976 waard troch eigen leden in kabaret opfierd en yn letter jierren noch 3 kear. Wy hoopje dat wy dit oantal leden fan no hâlde kinne en dat it sjongkoar bestean bliuwe kin.

Binne jo noch gjin lid fan ús krite, sjoch dan op ús weblog

<http://www.fryskbutenfryslan.frl>

Dêr kinne jo jo opjaan troch it kontakformulier yn te foljen!!

Meidielingelêd fan de Sékrite



**Oprjochte 25 novimber 1971
Lid fan it Frysk Boun om Utens.**

**Jiergong 38
Nûmer 2, Novimber 2023**

Rekkennûmer NL 84 RABO 0348 113 889
RABO-bank Lelystêd
Ynskriuwing K.v.K. nûmer 40059396

MINSKEN,
wêz dochts tûk
kom nei Valentijn
foar in presintsje
of opsmûk



KUNSTNIJVERHEID

Waagpassage 126,
8232 DW Lelystad.

Foar nije en healsliten boeken



kin Jo altyd terjochte by:

Luit en Johanna Dijk

0320 - 412444

luit.dijk@kpnmail.nl

Wêr bliuwe ús advertearders?

Bêste leden, soenen jimme,
as jimme grutte nije dingen
keapje, oan ús krite tinke
wolle.

Jimme soenen betingje
kinne, dat it bedriuw dan
ek in advertinsje yn ús
kritekrantsje sette moat.
Kosten € 60,= foar in heal
A5, € 30,= foar 1/4 A5.

Schoen- & Sleutelservice
T. Boonstra
Weversstraat 24,
8223 AC Lelystad
Tel.: 0320-222288



**Als uw banden
versleten zijn,
gooit u uw auto toch
ook niet weg !?**



van Boonstra
Schoenmakers
VAN LIER
SINCE 1815

Voor meer informatie over vakkundige
reparatie van uw kwaliteitschoenen, kijk op
WWW.SCHOENMAKERSGILDE.NL

BEGRUTTING 2023-2024 NEI OANLIEDING FAN JIERGEARKOMSTE 7 OKTOBER 2023				
	Ynkkomsten		Utjeften	
	begrutting 2022-2023	begrutting 2023-2024	begrutting 2022-2023	begrutting 2023-2024
Ledejild	€ 1.140,00	€ 1.875,00	Toaniel/musyk/kabaret	€ 1.600,00
Tagongsjild	€ 1.000,00	€ 1.250,00	Sealhier	€ 1.500,00
Ferlottingen	€ 500,00	€ 600,00	Prizen, blommen, ensfh.	€ 350,00
Advertinsjes	€ 75,00	€ 60,00	Oranjekoeken ensfh.	€ 300,00
Nijjersresepsje	€ 250,00	€ 200,00	Fertarringen	€ 300,00
Ferkeap bakkersguod	€ 250,00	€ 0,00	Bydrage FBoU	€ 60,00
Rinte sparrekken	€ 0,00	€ 25,00	Reiskosten	€ 100,00
Ferkeap boeken	€ 75,00	€ 75,00	Administraasjekosten	€ 150,00
Jiervedgadering	€ 0,00	€ 400,00	Jubilea en Kadobonnen	€ 75,00
Rabo Clubactie	€ 300,00	€ 185,00	Kritekrantsjes	€ 225,00
Ferskaat	€ 50,00	€ 50,00	Nijjersresepsje	€ 200,00
Bydrage Sjongkoar jubileum	€ 0,00	€ 0,00	Kosten Jiergearkomste	€ 0,00
			Kosten Rabobank	€ 225,00
			Ferskaat	€ 100,00
			Ledevergadering FBOU	€ 350,00
Oer (+) / tekoart (-)	€ -1.895,00	€ -500,00		
Totaal	€ 5.535,00	€ 5.220,00	Totaal	€ 5.535,00
				€ 5.220,00

Nei oamlieding fan de oannommen útstellen fan it bestoer sa as yn it foaropwurd fan de foarsitter is be-
skreaun sjogge jimme hjir de oanpaste begrutting fan de krite.



AG en M- en Y-dei 16 maart 2024.

Sneon **16 maart 2024** binne jimme wolkom op de **Algemiene Gearkomste** en de **Moetings - en Ynspiraasjemiddei** fan it Frysk Boun om Utens by de Fryske Krite fan Meppel yn Doarpshûs De Schalle, Nieuweweg 27, 7948 AA Nijeveen - 0522 491 422.

It bestjoer fan it Boun is drok dwaande mei de tarieding fan dizze dei.



Foto's fan it 100-jierrich jubileumfeest fan it Keninklik Frysk Boun om Utens



Wiebe Wieling

Grytsje Kingma

Frysk Folkliet

It Bounskoar

Hâns Dijk mei it jubileumboek

Ynhâld Meidielingelêd:

side

# Foaropwurd fan de foarsitter	2
# Kritegearkomsten winterskoft 2023-2024, Kritejijs	4
# Kuierje lâns de grins fan Fryslân	5
# Utnûging 18 novimber mei trûbadoer Adri de Boer.....	8
# Ut 'Po@dium' fan Bennie Huisman 2023 - 5 neisimmer	12
# Ut de Boekehoeke	15
# Nijs fan it Keninklik Frysk Boun om Utens	16
# Oanpaste begrutting 2023-2024	17

*De kopij foar it nije krantsje graach ynleverje foar **20 novimber 2023**.*

Kolofon

Gearstalling fan it bestjoer fan ús Krite:

Foarsitter: Jan Bijkerk, e-mail: sekrite@janbijkerk.nl

Ponghâlder: Jan Koopman, e-mail: jan@zwanenwater.nl

Skriuwer: Luit Dijk, e-mail: luit.dijk@kpnmail.nl

Lid: Yvonne Nederpel, e-mail: ycm.nederpel@gmail.com

Lid: Annie Noppers, e-mail: annie_evenhuis@hotmail.com

Lid: Jantsje Meijer, e-mail: jantsje-meijer@live.nl

Koar: Fetsje Meijer, til: 0320-226317, e-mail: fetsje.meijer@ziggo.nl

Kosten: It lidmaatskip is € 25,= yn't jier / stipers € 15,= yn't jier. Opsizze fan it lidmaatskip moat foar 1 septimber foarôfgeand oan it winterskoft by skriuwer Luit Dijk.

De redaksje en opsmûk fan it boekje: **Jan en Sjoerdsje Bijkerk.**

Kopij opstjoere nei: sekrite@janbijkerk.nl

Eareleden fan de krite: **Albert Postma en Gerrit Kingma.**

FAN DE FOARSITTER.

Bêste leden fan de Sékrite,

It is heal oktober en wy hawwe de earste gearkomste al wer hân. Allinnich de opjefte foar de gearkomste wie sa lyts, dat it bestjoer besletten hat om it potiten net troch gean te litten en ek de foarlêzer dy't wy op it each hienen, net út te nûgjen.

Dochs binne der op de gearkomste wol inkele besluten nommen. Sa as jimme yn it lêste kritekrantsje lêzen hawwe, sil ús fermogen fan de krite, as wy sa troch geane elts jier sa'n € 2000 efterútbuorkje. De oarsaak leit yn it feit dat sawol it Anjerfûns net mear wurket en de RABO aksje sa as fan inkele jierren lyn, ek neat mear opbringt. It bestjoer hat dêrta inkele útstellen dien om maksimaal net mear as € 500 yn't jier tebek te rinnen yn fermogen. Yn de jiergearkomste hawwe de leden mei frijwol algemiene stimmen de ûndersteande punten besletten:

- a. De kontribúsje sil mei yngong fan dit winterskoft ferhege wurde nei € 25,= de persoan. De kontribúsje mei dan 2 kear yn't jier betelle wurde, op 1 oktober fan it rinnende jier en op 1 febrewaris fan it dêrop folgjend jier;
- b. De tagongspriis foar de kritejûnen wurdt ferhege nei € 12,50 en de kofje-/teebonnen wurde net mear by it ynkommen útrikt;
- c. Us eareleden bliuwe frij fan kontribúsje en tagong foar de kritejûnen. De ledekaarten wurde útrikt neidat de totale kontribúsje betelle is. Leden dy't it âlde bedrach oan kontrúsje betelle ha, moatte dan wol de oanfolling op it lêst 1 febrewaris 2024 foldien ha. De tagongspriis foar net-leden is € 17,50 en de kontribúsje foar de stipers is no € 17,50. Fierder binne nei de gearkomste troch Eabele, Albert en jimme foarsitter noch inkele ferhalen en gedichten foardroegen.

Dan noch efkes oer it 100-jierrich bestean fan it Frysk Boun om Utens. It feest op 16 septimber yn Swol wie in grut sukses. Sa'n 230 minsken hawwe de dei meimakke en der wiene ek fan ús krite in moai oantal leden oanwêzich. En ús sjongkoar hat der mei trije oare kritekoaren optreden, it Bounskoar.

BOEKEHOEKE



Fan Piter Terpstra: In flechteling.

Haadpersoan fan it boek is de jonge Belgyske flechteling Arthur Bogaard. As militêr flecht hy yn de earste wrâldkriich nei Nederlân en komt yn Gaasterlân terjochte yn in flechtlingenkamp. Yn Gaasterlân kriget hy kontakt mei in pear pleatslike bewenners.

Njonken skriuwer wie Terpstra sjoernalist; hy wurke foar It Nieuwsblad van het Noorden, Trouw en de Ljouwerter Krante.

Fan Harmen Wind: Rekkenskip

Daniël Mûnem, sechstich, earder direkteur fan in suvelfabryk en no krekt mei betider pensjoen, is allinnich thús. Op it doarp stiet er bekend as in man sûnder wryt of slyt.


Syn fou is trije jier tebek weirekke, de bern binne it hûs út. Hy pielt wat om en tinkt nei. "Myn frou Anemarie, hold fan my, mar hat se my oait kend?. En myn bern?"

Net dat er in rol spile – hy spile yn op elke situaasje dy't him foardie. Is hy wol wa't lju tinke dat er is? Of sterker noch: is hy wol wa't hysels tinkt dat er is?

Harmen Wind is berne op 24 desimber 1945 te Ljouwert, hy groeide op yn Aldeboarn. Yn Drachten folge er de ûnderwizersopleiding oan 'e kweekskoalle en dêrnei hat er yn Amsterdam Nederlânsk studearre. Fan 1972 oant 1976 wie Wind learaar Nederlânsk op it Nassau Kolleezje op It Hearrenfean, dêrnei oan it Groen van Prinsterer College yn Doetinchem.

Letter waard er beneamd as lid fan de direksje fan de learare-opleiding fan de Iselinge-Hogeschool yn dat plak. Hy wenne lang yn Doesburch.

Luit Dijk en Johanna van Dijk, luit.dijk@kpnmail.nl, til. 0320-412444.



ûnderdrukt, minsken it swijen oplein. En ûnder it bewâld fan de fertsjintwurdigers fan dy Hillige Skriften waarden bern misbrûkt, froulju ûnderdrukt en ûngelikensens yn stân holden. En as we no om ús hinne sjogge, bart dat allegear noch altyd. Dat is net de skuld fan dy Hillige Skriften. Dy wurde sels ek misbrûkt. Want it hiele listje fan it 'minskliks tekoart' dat hjirboppe stiet, dêr hat de minske gjin Hillige Skriften foar nedich. As dy net bestien hienen, dan soenen al dy dingen lykwols bard wêze en barre.

Om dat wat te bedimjen, om minsken tsjin inoar te beskermjen, dêrfoar ha we wetten. Grûnwetten. Dy't net 'ûnfeilber' binne. Dy't geduerich tsjin it ljocht holden wurde moatte. Dy wetten, dêr klinke ferhalen yn troch, oerlevere ferhalen, lykas de bibel, de koran, de klassike ferhalen. Mar ek jongere, nije, mear eigentiidske ferhalen. Lykas ferhalen fan Pim Lammers. Al dy ferhalen mei-inoar neame we 'literatuer'. En ien fan de wichtige funksjes fan literatuer is it 'ûnthilligjen'. Is it ferkennen fan de mooglikheid, dat 'wat altyd sa west hat' net altyd goed wie en ek net altyd sa hoecht te bliuwen. Wat ea betocht is en opskreaun is troch minsken is net hillich. As dat al it 'leauwen' wurdt, dan komt dêr meast net al te folle goeds fan. (sjoch it listje hjirboppe).

Doe't de measte minsken noch net sels lêze en skriuwe koenen, waard harren troch de machthawwers 'ex cathedra' fan alles wiis makke. Waarden fan de kânsel ôf minsken tsjin inoar opset. Dat bart noch altyd. It earste wat machthawwers dogge as se 'de macht nimme' en dy sa lang mooglik hâlde wolle, is: kontrôle oer wat minsken te hearren en te sjen krije, kontrôle oer it ynternet en de sosjale media, oer de kranten, oer de radio en telefyzje. Elk minske is benaud, is ûnwis en ta op sekere hichte ûnwittend, sykjend. Wa't dat stjoere kin is spekkeaper wat macht en jild oangiet. Wa't it sykjen fan in oar minske - nei leafde, nei werkenning, nei ynsicht, nei sinjouwing, nei ûntjouwing - beheine, misbrûke of stjoere wol, dy doocht net. Leau my mar.

Bennie Huisman.


Spesjale gasten wienen de 3 eareleden fan It Boun, Stoffel Haagsma (99 jier!), Hâns Dijk en Sjoerd Bakker. Ek Kommissaris fan de Kening yn Fryslân, dhr. A. Brok, deputearre Eke Folkerts, dhr. Wiebe Wieling, foarsitter fan de Feriening Fryske Alvestêden, Jitske Kingma fan útjouwerij Elikser, dy't it Jubileumboek útbrocht en fertsjintwurdigers fan de studinteferiening fan Weinum (Wageningen) en de artsysten Grytsje Kingma en Rob du Jardin, Gurbe Douwstra en HYMPHAMP.

It waard in bysûndere taspraak fan de Kommissaris fan de Kening. Hy spruts net allinnich de felisitaasje út út namme fan de provinsje, mar ek út namme fan de Kening. It predikaat KENINKLIK mei it FBOU fanôf no brûke yn al har uterings. Prachtige wurdearring foar 100 jier Frysk-wêzen foar tûzenden Friezen om utens. 100 jier lyn binne oan hûs fan de skriuwer yn Rijswijk fan it doe neamde "Boun fen Fryske Selskippen bûten Fryslân" (dat 25 jier letter It Frysk Boun om Utens waard) de Grounslaggen fêstlein – it earste bewiis dat it doe, 15 septimber 1923 begûn is. Ek is it jubileumboek, dat skreaun is troch Hâns Dijk, útrikke oan de skriuwer en de útjouwer fan dit boek 'It djippe wêzen fan de Friezen om Utens'. Al mei al in tige moaie dei wêr't wy trije jier mei de tarieding dwaande west ha.

No mar efkes werom nei ús krite: Op 18 novimber sil om 14:30 oere by POSA Adri de Boer foar ús optrede. Op siden 8 oant en mei 10 kinne jimme hjir oer lêze Op syn webside binne ferskate ferskes fan him te hearren.

Ik hoopje dat jimme mei in protte leden hjir nei ta komme. Oant sjen op 18 novimber!! .

Jimme kritefoarsitter, Jan Bijkerk.



Utrikken fan it predikaat Keninklik troch KfdK Arno Brok

KRITEGEARKOMSTEN WINTERSKOFT 2023-2024

DATUM	WAT KOMT DER?
18 novimber 2023	14:30 oere yn POSA Muzyk fan trûbadoer Adri de Boer
16 desimber 2023	14:30 oere yn POSA Krystmiddei
13 jannewaris 2024	14:30 oere yn De KRAKELING Nijjiersgearkomste
17 febrewaris 2024	14:30 oere yn POSA Sjongduo Nanne en Ankie
6 april 2024	20:00 oere yn POSA Toaniel/kabaret

KRITENIJS.

- As jimme heard ha fan leden dy't siik binne, as oare saken dy't fan belang binne, graach efkes in berjochtsje fia e-mail nei:
annie_evenhuis@hotmail.com , dan kin it bestjoer der oandacht oan jaan.
- As der leden binne dy't oar kritenijs hawwe of wat yn it kritekrantsje sette wolle, graach efkes stjoere nei sekrite@janbijkerk.nl . Yn't foar tige tank.
- 5 oktober is ús krite- en sjongkoarlid Pier Kalsbeek ferstoarn. De beide bestjoeren winskje Pietsje, bern, beppesizzers en oerbepesizzer in protte sterkte ta. Sjoch side 10 foar syn neitins.

Troudatums foar safier it bestjoer se wit:

- Keimpe en Jantsje Meijer, op **28 oktober 40 jier** troude.
- Albert en Henny Postma, op **17 jannewaris 60 jier** troude.
- Famylje Bremer, op **14 maart 55 jier** troude.
- Jan en Fetsje Meijer, op **6 maaie 65 jier** troude

Wy meie de adressen fan de leden net yn it boekje sette, mar as jimme in kaartsje stjoere wolle, as wat oars , dan kinne jimme it adres freegje by Annie Noppers - sjoch side 1.

brocht wurde troch te trouwen. Dêr gie dan yn guon tsjerken in soarte fan iepenbiere bycht foar de hiele Gemeente Gods oan foarôf. Letter, yn 'e jierren '60 koe dat ek by dominy thús.

Dizze 'moetjes' misten dan in oanrin, dêr't it jonge stel yn útsykje koe of se inoar wol pasten. Lykwols libben se ûnder deselde tasizzing foar God en syn Gemeente oer dat 'wat God byinoar brocht hie, troch de minske net skieden wurde mocht.' Yn de jierren '60 kamen der lykwols aloan mear skiedings. Minsken rekken bewust of ûnbewust fan God los, mar de wichtichste oanjager wie de mooglikheid foar froulju om sels better yn harren ûnderhâld te foarsjen, troch wurk, troch in útkearing of troch alimintaasje. Dat joech harren mear ekonomyske ûnôfhinklikens fan de man, dy't meast kostwinner wie. Dat de ivige trou fan de houlikse seremoanje - yn goed en kwea - dreech fol te hâlden wie, koe mei tal fan oarsaken te krijen ha.

Ferealens op in oar, fysyk of geastlik geweld, ferfrjemding, mar ek omdat ien fan it stel eins homoseksueel wie. Dat waard, ek wetlik, oant yn 'e jierren '60 as in ôfwiking sjoen, dy't jo foar de rjochter bringe koe. Yn guon orthodoxe Kristlike, Joadse of islamityske rûnten is dat noch altyd in sûnde, mar wetlik is dat sa stadichoan feroare, nei in lange striid, dy't noch altyd trochgiet. Net inkeld foar it opheffen fan beheinings, mar ek foar beskerming tsjin diskriminaasje en haat. Dy't lykwols frijwol frij spul hat op sosjale media. Resintlik wie it wer raak. Om Pim Lammers hinne en de 'genderwet'.

Eartiids koe der tsjin in bern noch wolris sein wurde: 'koest wol seachsel yn 'e holle ha...' Mei as oanlieding it net begripe kinne fan dit of dat. Yn dy betsjutting ha wy allegear mear of minder seachsel yn 'e holle. Om't we, mei alle kombinearre minsklike en artifisjele tinkkrêft, mar in beheid begryp hawwe oer de wrâld om ús hinne en oer ús plak as minske dêryn. We taaste faak yn it tsjuster. Yn dy sin is dat net ferûntrêstend. Slimmer wurdt it as minsken gjin seachsel yn 'e holle ha mar 'mealle Hillige Skriften'. Dêr't se fan alles oan ûntliene. Dan kin wat histoaryske besef helpe. Want yn namme fan dyselde Hillige Skriften binne oarloegen fierd, koenen slaven holden wurde, waard diskriminearre, moarde,

Ut 'Po@dium' fan Bennie Huisman 2023 - 5 neisimmer



De measte leafdes wurde 'konsumearre' yn bêden. Mar sa begjinne se faak net. 'Jongfolk hat wille...' en wêr't der eartiids in pear merkedagen wienen dêr't se 'losgienen' en dêr't relaasjes berne waarden, is dat no wykliks spul wurden. Of deistich, yn heechsimmerske fakânsjes op Skylge, yn Valkenburg, Spanje of wêr dan ek. As de 'begearte' dan fan beide kanten komt, is der 'thús' op bêd of bank net altyd likefolle privacy en dan wurdt der útwykt nei plakken dy't yn de ûnwjersteanbere fysike opstigings it tichtste by binne: in steechje, de boskjes, in boatsje, de dunen en wat fierder mar út it sicht is en him oantsjinnet. De evolúsje hat dizze driuw yn ús efterlitten, de kultuer hat der fan alles omhinne boud, de ûndernimmers ha der ek al lang jild yn sjoen en de balâns yn dat gehiel is troch de tiid hinne aloan feroare en dat giet noch altyd troch.

De jierren '60 en '70 wurde faak assosjearre mei it begryp: seksuele revolúsje. De pil, baas yn eigen bûk, abortus, it leechrinnen fan 'e tsjerken, tal fan ûntjouwings brochten feroaring. Oant dan 'was geluk heel gewoen...' Mar lang net foar elk. As hy der 'yn 'e hite net goed om tocht en famke of frou waard swier, dan koe dat noch 'yn goed fatsoen'

KUIERJE LANS DE GRINS FAN FRYSLAN

Op 23 jannewaris 2023 is Eabele van der Veen begûn oan in nije kuier. Dizze rûte hat hy sels betocht. It plan fan Eabele is, om sa deun mooglik lâns de grins fân Fryslân to rinnen. Om te begjinnen yn Zoutkamp. En einigje yn De Lemmer. Der is ûnderweis in hiel soad te sjen, tinkt hy. It lânskip is hiel ferskaat. En ek fan de skiednis is ûnderweis fêst in protte werom to finen. Ek fynt hy it nijsgjirrich of hy yn it fjild al ferskillen sjen kin tusken de provinsjes. De grinspeallen binne ek bysûnder. Dy werom fine te kinnen, liket him foar ûnderweis ek in aardige ûnderbrekking. Fansels makket hy wer foto's en besiket hy wer syn ferhaal te skriuwen. Hjrnei syn earste diel fan de kuier lâns de grins tusken de provinsjes Fryslân en Grins.

Dei 1. Fan Zoutkamp nei Sroobos/Gerkeskleaster - 23 jannewaris 2023.

Al om seis oere siet ik yn de trein fan Lelystêd nei Grins. Fan út Grins kin ik mei de bus nei Zoutkamp ta. Om healwei tsienen begjint myn kuier echt. It wie stil yn de buorren fan it doarp. By de slûs kin ik moaie foto's meitsje. Der binne dêr in protte besjensweardichheden. De skiednis fan de omjouwing fan



Zoutkamp

Zoutkamp is tige nijsgjirrich. It Reitdijp wie hjir foar 1877 in 3 kilometer brede see-earm. Dit wetter waard ôfdamme mei de Profinsiale Seedyk. Bysûnder binne de twa slûzen dy't men makke hat. De grutte slûs yn it Reitdijp en de Fryske slûs dy't makke is om it wetter fan de Lauwers ôf to fieren. De beide provinsjes hantearren doe ek al ferskillende wetter-

peilen foar harren wetterhúshâlding. It ferskil is in heale meter. It Reidtjip is by Zoutkamp no ek noch in breed wetter. Ik kin my heuge dat hjir eartiids saneamde Krûtskippen leinen. Foarby de slûzen rin ik op de eardere seedyk fan de Lauwersee. Nei rom ien kilometer kom ik by de grins mei Fryslân. Dêr sjoch ik in âlde trep dy't by de dyk op giet. Dit is de "Wilhelminatrep" lêz ik op in boardsje. Yn 1929 hat Keningin Wilhelmina mei Prins Hindrik en Juliana hjir op 'e seedyk stien om de lân-oanwinningswurken to besjen. Dat doch ik no ek fanôf dit plak. Der is no gjin see mear to sjen, mar de kwelder dy't Wilhelmina sjoen hat, is noch dúdlik werkenber. By dit plak giet myn rûte it binnenlân yn. Oer de Stadsweg yn de rjochting fan Lauwersyl. Lofts fan my is it wide Grinzerlân en rjochts it wat minder iepene Fryslân. Dêr leit it doarp Muntsjesyl. Syl is in âld wurd foar in slûs. Ik rin hjir troch de Ruigezandsterpolder. Dy is yndike yn it jier 1877. De provinsjegrens wurd hjir net markeare troch it wetter fan de Lauwers. Derom hat men hjir grinspeallen pleatst. Sy steane der noch, sjoch ik. It bin swiere jitizeren peallen mei moai smidswurk. De provinsjewapens fân Fryslân en Grins steane der op. By Lauwersyl kin ik der fan tichteby foto's fan meitsje. Lauwersyl is in lyts doarpke oan de Munstjesylsterried. Dit wetterke is oanlein om it wetter fan de Lauwers ôf to fieren nei de Fryske slûs by Zoutkamp. De monumintale seeslûs by Muntsjeslûs waard yn 1877 ôfsletten fan de see. Lauwersyl is yn dy tiid ûntstien. De earste bewenners hawwe lânarbeiders west. De boerepleatsen wiene fân de stêd Grins. It liket wol in aardich doarpke. Der lizze hiel wat boatsjes oan de feart. De âlde seedyk dy't hjir ea west hat, is foar in grut part ôfgroeven. Nei de brêge is yn de rjochting fân Muntsjesyl noch in stikje oer fan dizze dyk. Nei Lauwersyl kuierje ik troch in oare en folle âldere polder. Ek hjir wer grutte pleatsen. Dy grutte buorkerijen meitsje dat it fjild sa keal bleaun is. Dan kom ik by Kommersyl. Dêr leit noch de dyk fan de Westerwaard. De âlde dyken wurde no beskôge as skiedkundige monuminten en meie dêrom net ôfgroeven wurde. Myn paad fol-

tsjerkje stiet midden yn de buorren. De haadstrjitte is smel en hat oan beide siden âlde en lytse wenten. Oan de eastside fan it doarp is wat nijbou kommen. Ik kom der hjir efter dat Visvliet in skiednis hat mei Eyse Eysing-ga, de planetariumbouwer út Frjentsjer. Ik lêz hjir dat dizze man in jier út Fryslân band wie fanwegen syn tinken en syn útspraken. Hy gie doe wenjen yn Visvliet. Yn dat jier hat hy dêr in wiskundeboek gearstald. Dat ferhaal wurdt yn



Eyse Eysinga—'wiskundig raadsel'

dit doarp op in aardige learsume wize kenber makke. Lâns de Eyse Eysingastrjitte ferlit ik it doarp en kom ik op in fytspaad dat útkomt by myn eindoel Stroobos. De lêste fiif kilometer rin ik troch in wide en rêstige omjouwing. De Lauwers ha ik no rjochts fan my. It fytspaad folget de bochten fan it rivierke. Ik sjoch ek dat de grûn wat donkerder en wieter wurdt. Dat betsjut dat it seeklaaigebiet net fier hjirwei ophâldt. De provinsjegrens folget de Lauwers, mar hjir leit de grins al bochtsjend oer it drûge. De haadstream is yn de rin fan de tiid earne oars kommen to lizzen. De grins leit op een âlde bêding. Wa't fan fytsen hâldt, kin yn dizze wat ôflegen krite syn of har hert ophelje. Om trije oere bin ik by in bushalte yn Stroobos. Dêr komt om fiif oere in bus dy't my nei Butenpost bringe kin. Ik beslút om der net op te wachtsjen en rin noch seis kilometers fierder nei it stasjon fan Butenpost. Troch Gerkeskleaster en lâns it Prinses Margrytkanaal kom ik fia Blauerlaan wurch en beswit yn it stasjon oan. De trein liet net op him wachtsje. It wie in goeie dei, mar ik wie ek bliid om wer thús to kommen. It wie in lange kuier, mar ik ha mu wol murken dat der hiel wat is te sjen op dit troch mysels keazen kuierpaad.

Eabele van der Veen.

Gitaar en piano

Om 't Adri it lestich fûn syn lieten fan efter syn keyboard te sjongen (te statysk), hat hy himsels it gitaarspyljen oanleard en fiede him frijer op it poadium. Mar al spilet en komponearret hy de measte lietsjes op gitaar, as der yn de te sjongen lokaasje in piano stiet, sjongt hy graach in pear nûmers op dit toetsynstrumint.

Sfearlietsjes.

Graach makket Adri de Boer ferskes dy 't minsken by it hert pakke, mar ek skriuwt hy graach wat mear loftige ferskes, al binne dy yn de rin fan de twaentritich jier dy 't hy no yn it Frysk sjongt, wat minder bekend wurden.

10 kear finale sjongfestival LIET en twa kear, yn 1998 en 2001, wûn hy dit festival mei de nûmers 'Soan' en 'Wy'. Syn Frysktalige programma's sitte fol mei harksankjes. Mankelyk en dan wer fleurichop. Altyd út it hert!

TA NEITINS fan PIER KALSBEEK



Op 5 oktober 2023 is ús lid fan de krite en it sjongkoar, **Pier Kalsbeek**, yn 'e âldens fan 86 jier, ferstoarn. Op 11 oktober hat de betinking plak fûn yn krematoarium Ölandshorst. Pier wie, mei syn frou Pietsje, altyd in fêste besiker fan ús kritejûnen en ek it sjongkoar koe altyd op him rekkenje. Pier wie in wrotter en in man fan trochsetten: 4 Alvestêdetochtkrúskes, ja sels it krúske fan 1963, fan de saneamde 'barre tocht', hat er helle, nettsjinsteande syn beferzen tean. Moaie reizen hawwe sy yn it ferline tegearre makke, oer de hiele wrâld. Pier geniete tige fan sport: reedriden, roeien en fytsen. En wie ek altyd tige wiis mei syn Fryske hynders.

Wy sille him misse en wy winskje Pietsje, bern, beppesizzers en oerbeppesizzer in protte krêft ta. Wy slute him yn ús hert!

get no sa'n dyk yn de rjochting fan Pietersyl. Ik sjoch in hiel âld skilde-reftich brechje. Fêst ek in monumintsje. Lâns dizze wei steane wat mear boerepleatsen. It wurdt hjir wat lytsskaliger. Oan myn rjochterhân leit no earne de Lauwers. Dy streamt der midden troch it boere-



Brechje by Kommersyl

lân. Der is gjin paad by lâns. Pietersyl kin ik fan in wike kampearjen. Dat wie yn 2014. Yn dy tiid wie dit doarp dúdlik in krimpdoarp. No ek noch, mar der is wol wat nijbou kommen. It eaget wat better no. Oan in picknicktafel gean ik efkes sitten om wat te iten. Dêr kom ik oan de praat mei in bewenner. It waard in bysûnder barren, fyn ik. Hy wie fan doel om syn deistich kuijerke to dwaan. Tegearre rinne wy nei de Grinzerstrjitwei ta. Elts kin syn ferhaal kwyt. Swiere en loftiger saken. By it skieden fan ús paad hawwe wy inoar alle goeds tawinske. Ik tink hjir noch wol ris oan werom. Dat is ek it moaie fan sa'n kuijer. Nei Pietersyl feroaret it lânskip wat. Der is no allinnich greide en de stikken lân binne wat lytser. De Grinzerstjitwei wie foarhinne de haadferbining tusken



Visvliet

Ljouwert en Grins, of einliks tusken beide provinsjes. Myn koers is no yn de rjochting fan Fryslân en op nei Visvliet. Visvliet leit op de grins, noch krekt yn Grins. In eintsje fan de drokke dyk ôf. It is in ienfâldich doarpke. Skildereftig ek sa't it der oan de Lauwers leit. In moai

**It bestjoer fan de Sékrite nûget harren leden út foar
it optreden fan**

Adri de Boer

op sneon 18 novimber 2023 om 14:30 oere

yn teäter Posa

Tagongspriis: leden € 12,50 / net-leden € 17,50



It begjin

Adri is hikke en tein yn Surhústerfean en berne op 24 jannewaris 1956. Thús wie it folgjen fan oargelles ûnderdiel fan de opfieding, en ek waard der omraak songen troch syn heit en mem, dy by it oratorium yn harren wenplak sieten. Yn 1971 op fyftjin jierrige leeftiid waard Adri oargelist by in gospelgroep yn syn wenplak en gie doe dus aktyf de muzyk yn, en krige de smaak fan poadium'koarts' doe alhiel te pakken.

Ut hús wei.

Yn 1973 kaam Adri as santjin jierrige op Borneroord yn Beetstersweach te wurkjen en kaam sa oan 'e praat mei kollega's die in band foarme hiene ûnder de namme 'Interlude', en in oargelman koene se wol brûke. Fan it iene kaam it oare. Nei Interlude (top 40 muzyk) gie de band oer yn rockmuzyk mei 'Dead man's handle', nei fjouwer jier waard it hardrock en ûntstie 'De Lanterfant Rockband'.

Nei 't der, tegearre mei in tal kollega's yn 1987 de Frysktalige musikal 'Diggel' makke, ûnstiene der ek syn earste muzykprogramma Reade Stikeltrie, wat de oanset wurden is ta syn deistige repertoire. Nei 't de Frysktalige band ADRI&SA, wêr 'r hy twa albums mei útbrocht, is Adri yn 1999 solo de boer op gien. Yn 2002 waard hy nominearre foar de Bernlefpriis om syn kompositoaryske kwaliteiten.

Op dit stuit is Adri dwaande mei al wer syn seisde soloalbum op te nimmen.

Oer de grins

Tegearre mei Arvan Blok spilet Adri it programma 'Oer de grins', mei bekende hits út it ferline oan 't no. Alles oerset yn it Frysk, en alle lieten dy 't se sjonge hawwe harren 'roots' net yn Fryslân. Fan James Taylor oan 't Daniel Lohues, fan Paul McCartney oan 't Lou Reed en fan Direstraits. oan 't Mugo Jerry ensafierder binne allegear te hearren yn it programma 'Oer de Grins'.

